

Kulturele Kuijer om ústens yn Achtkarspelen

Yn 1338 foarmen acht tsjerkedoarpen (kerspels) it founemint foar de hjoeddeistige gemeente Achtkarspelen, dy 't tsjintwurdich âlve doarpen telt. In ieuwenâld smûkskaedzjend gea – mei in djûr wurd coulissenlânskip - mei in oant yn de iistiid tobek geande geologyske skiednis en hurdwurkjende minsken, dy 't gjin blêd foar de mûle nimme. Sa likernôch sketste yn syn wolkom Gerben Rypma-freon fan 'e earste ûre Gerben Gerbrandy it gebiet dêr 't hy sûnt in pear jier as boargemaster wurket. Sneon 21 oktober wie er yn it moaije romme bidriuw fan Pilat & Pilat yn Twizel gasthear foar de goed 60 dielnimmers (sels ien út België) oan de tradysjonele kulturele kuijer fan de GR-Stifting om harren yn 'e kunde to bringen mei syn 'wurkgebiet'. Boppedat is skriuwster Simke Kloosterman yn Twizel berne en wenne letter sa to sizzen op in hoannestap fan niisneamd bidriuw oare kant de strjitte. In moaije gelegenheit om ris neiher yn 'e kunde to kommen mei dizze literator. Se waerd yn 1876 berne en kin generaesjegenoat fan Gerben Rypma (*1878) hjitte. It nei har forneamde Lien is oprjochte koart nei 't se op sinteklaesdei 1938 stoarn is. Neffens ien fan de kêsten fan it SK-Lien is de boargemaster fan Achtkarspelen de foarsitter. It Lien hat it Simke Kloostermanhûs mei de moaije tún en boerelân (om Twizel hinne, oant Kollum ta) – alles ea har eigendom as ienich bern en erfgenamt fan har âlden - op 'e noed. Ut de revenuen fan dit bisit, byg. pachtpenningen, wurdt sûnt 1983 ûnder mear trijejierliks de Simke Kloostermanpriis – ornearre foar it bêste boek foar de jongerein – biskikber steld. Yn niisneamd jier wie dy foar 'Cap Súd' fan Reinder Rienk van der Leest en de lêste oant nou ta wie foar Thys Wadman syn ' De oerwinning fan Tido Houtsma'. Dat hûs is it earste 'stimpelplak' dêr 't de biharder fan it museum/hûs Willem Jongsma (hy wennet dêr) op 'e tekst rekket oer de persoan Simke Kloosterman. Hy lardearret syn forhael en de kuijer mei fragminten fan har proaza en

poëzij. Har heit Jan Ritskes wie boer en pielde mei skriuwerij. Fan him is de bikende rigel 'Buorkerije is de rom fan Fryslâns groun'. It houlik fan har âlden wie net al to harmonieus. Se libben gauris apart, mar de lytse Simke hie alles hwat har hert bigearde, hwant har famylje hie finânsjeel sjoen in fin mear as in bears. Goede skoallen, muzikaal ûnderrjocht, en sanedich de nijste moade út Parys. Dy waerd 'den volke' toant as se har der mei yn in koets – hast as tsjintwurdich oer de catwalk - troch it doarp ride liet. Yn de leafde wie se net gelokkich. Har forkearing, forloofd sels, mei de literator Douwe Kalma skuorde út. Simke bleau frijfaem, mar se bleaune bifreone; in portretfoto fan Kalma stiet yn 'e keuken op in planke. Krekt as har heit waerd ek Simke aktyf yn de skriuwerij. Har oeuvre bistiet út gedichten, berneboeken mei teltsjes en mearkes, en twa romans, ntl. 'It Jubeljier', dat spilet yn de Franske tiid (1795-1813) en in histoaryske ynslach hat en, neffens Jongsma har bêste boek 'De Hoara's fan Hastings' dêr 't se de greate soasjale ûngelikens yn har omkriten yn forwurke hat. Troch de tún mei slingerpaedsjes, dêr 't Simke in apart steand sober oandwaend skriuwhonk hie, gie it efter boswachter Gjerryt Hoekstra fan Staatsbosbeheer oan om in slach troch in lyts part fan syn rayon to meitsjen nei de pingo, bikend as Bootsma's poel. In oerbliuwsel út tiden dat Fryslân fan Scandinavië út ûnder in tsjok pak iis mei gletsjers en morene's bidutsen rekke wie. Doe 't it waermer waerd en de iismassa raende ûntstiene troch geologyske prosessen dizze markes. Mei kennis fan saken fortelde Hoekstra oer dy morfology fan dit gebiet; hy lêst it lânskip. De kenmerkende singels mei strewelleguod, sleatsjes en elzen, dy 't graech mei de 'fuotten' yn it wetter steane, stadich oprinnend nei de droegere, heger lizzende beamwâllen mei ikebeammen en fansels insecten, it wylde wrimelt. Nammers, yn de Noardske mythology binne de twa elzen Ask en Embla de stamâlden fan it minskdom. De ôffreding fan eartiids fan percelen lân mei hagen is hjir en dêr noch in spoar fan to finen.

Yn oerliz mei pachters fan SBB wurdt bisocht om dat to biwarjen en sa mooglik to 'restaurearjen'. Op bipaelde plakken wurdt it meansel opswile; dat hâldt de groun skrael en it bioforsaet (dat hjir 70% is!) bliuwt bistan; yn dat ramt weidzje der Schotse Hooglanders en Exmoor-pony's. Yn de 'wurkpleats' fan Staatsbosbehear stie kofje en koeke en de projector klear. Bylden fan it bioforsaet oan planten, insecten, bisten en annex dêrmei de ynfloed fan de wetterhúshâlding op dizze krite en plante- en bistewrâld stypje Hoekstra syn enthousiaste forhael. Planten/blommen dy 't allinnich hjir foar komme en hoe skjin dat it (groun)wetter hjir is, en hoe 't dat sa komt. It fuotark wurdt nochris oanfiterje foar de lêste etappe dy 't ús oer sompich lân, dat mannichien de al smoarge boksen noch in lyts bytsje heger oplûke lit, nei it bigjinpunt bringt. Der stiet al in bierke, wyn of fris op toarstige kuijers to wachtsjen njonken folle skalen mei in knapperich waerm stikje bôle mei in smaeklike flaubyt deryn. As lêste komt hjir frou Heida-Douma (bistûrslid fan de Dam Jaarsma Stifting) foar it buordsje om eat to fortellen oer Dam Jaarsma, de man dy 't yn dit gea (Eastermar) hikke en tein is en in protte niget hie oan de forhalen dy 't hjir noch hiem wiene oer spûken, foartsjirmerij, ensafh. Jaarsma (1914-1991) hat – rûchwei rûsd - 17.000 (!) fan dy forhalen optekene en sammele. Alles bidarre nei syn dea by it Meertensinstituut Amsterdam (jo kenne faeks de boeken 'Het Bureau' - en menear Beerta - fan J.J. Voskuil, ien fan de bikendste meiwurkers). Se foarmje in rike boarne foar gelearde ûndersikers en sneupers. Fansels koe se der net ûnderút om njonken in koarte libbensskets fan Dam in pear fan dy forhalen oer it fuotljocht to bringen. Prachtige logica en de slûchslimmens – miskien bitûftens - bygelyks fan de boer, dy 't syn iene kou oan dûmny skonk om 't dy yn de preek dúdlik sein hie dat in jefte it sânfâldige opsmite soe. Nei oanhâldend tsjinakseljen fan de preekhear kaem bloarre dochs by dûmny syn seis kij yn 'e finne. Dy nacht, lykwols, krige it dier lêst fan ûnwennigens, brik troch de freding hinne en

sette baltend op hûs oan. De hikke wie fan de daem en as der ien skiep troch is... Dûmny's bisten bidarren alsa yn de weide fan de boer, dy 't fansels tige optein wie oer it perfecte risseltaet fan syn leauwen oan itjinge fan de preekstoel ôf forkundige wie. Hoe 't dûmny ek bisocht om de boer yn it forstân to krijen dat it mar sabeare sizzen, net praktysk bidoeld wie, de man bleau op syn stik stean. Boppedat, der hiene in protte tsjûgen yn tsjerke west dy 't dûmny syn útspraken bifêstige koenen, is't n't sa? Dat argumint liet dûmny alhiel yn syn skulp krûpe en hy kaem der net wer út. Nei it lêste applaus foar alle meiwurkers oan dizze tige slagge middei koe it 'romsitten' bigjinne. En wûnder boppe wûnder útsein in lyts snjitterke tsjin 'e ein is it de hiele middei droech bleaun; de sinne brik ek noch troch it wolketek.

JPD